

# Jááá-ja



**Kollum**  
Jaap Krol

Ik haw swierrichheden mei myn kompûter. Myn nije filmkamera is eins te modern foar de pc, de troch my sketten filmkes oer it werom fan de universele frede bliuwe mar stykjen. Dêrom naam ik foarige wike in dryst beslút en gie ik nei in grutte winkel om in nije laptop te keapjen.

No wol it gefal dat ik, lykas jo, net sa folle ferstân fan kompjûters haw. In Word-bestân meitsje, in mailsje stjoere, in fotootsje opslaan, dat is it ûngefear wol. Dat hat fan gefolgen dat ik my yn kompjûterwinkels meastal gjin hâlding jaan kin. Ik rin der dus wat om, druk ris op in knopke en lêš op it kaartsje allegear ûnbegryplike technyske ynformaasje. Dêrnei lit ik

it dochs mar oankomme op in konfrontaasje mei de ferkeaper. Yn it gefal fan de laptop foar de filmkamera gie dat dus ûngefear sa:

„Ik zoek een eigenlijk laptop of een nieuwe computer.”

„Dat kan, we hebben er genoeg.”

„Op die die ik nu heb kan ik wel filmpjes draaien, maar ze haperen nogal.”

„Wat heb je voor processor?”

„Eh... ik heb een grote computer, die onder de tafel staat. Er zit Microsoft Windows op.”

„Aha.”

„Kan ik op deze laptop wel filmpjes zonder haperingen bekijken?”

„Ja.”

„Er zit dus een programma op voor filmpjes?”

„Ja.”

„Ik heb ook een filmcamera. Er is dus een stekker die van de camera naar de laptop loopt?”

„Ja.”

„En geeft het dan ook geluid?”

„Ja.”

Hjirnei waard dizze heechsteande dialooch omdraaid en lei de ferkeaper sa helder mooglik út wat de kapasiteiten wiene fan it oanbelangjende apparaat. Om't ik my dus gjin hâlding jaan koe, ferfoel ik al gau yn trije fariaasjes op it wurd; ja', te witten 'ja?', 'o ja!' en 'jááá-ja'. Dat waard ôfsletten mei in deaserieuze 'ik denk er nog even over na', wat fansels frjemd is, want as it op kompûters oankomt kin ik hiendal net neitinke.

Goed, ik haw dy nije laptop noch net kocht, want ik haw ek noch in notebookje. Ik dus wer werom nei de grutte winkel.

„Kunnen er ook filmpjes op de

Ik rin der dus wat om, druk ris op in knopke en lêš op it kaartsje allegear ûnbegryplike technyske ynformaasje

notebook?”

„Dat kan.”

„Is het geluid ook anders?”

„Dan wat?”

„Dan de grote? Hij is wel kleiner.”

„Dat hangt er van af. Wat voor processor zit erin?”

„Eh...”

Dêrnei krige ik wer in technysk ferhaal, dêr't dy trije fariaasjes wer fan tapassing wiene. ûndertusken wie ik erges oars, want harkje en der neat fan begripe liedt ta totale apaty. Ik liet him dus útprate en naam doe in dryst beslút - ik soe it allegear noch eefkes útstelle. De ferkeaper wist noch fan neat, mar dat soe net lang mear duorje.

„Ik denk er nog even over na.”

► Jaap Krol is opgroeid yn Beetstersweach en wennet yn Grins. Hy is skriuwer. Sjoch ek: [www.jaapkrol.nl](http://www.jaapkrol.nl)